

# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: Matthijs de Vries, ChristenUnie
Mei-yntsjinner(s): Anton Meijerman, CDA Elsa van der Hoek, GrienLinks Bea Bijlsma, D66 Rein van der Wal, FNP Theun Wiersma, 50PLUS

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

## MOASJE, ex artikel 31 Reglement van orde

Steategearkomste	23 juny 2021
Wurklistpunt	09 Overbruggingsconcessie Fryslân
Koarte titel fan de moasje	Monitoaring reizigersoantallen en tsjinstregelingsoeren
<p>De Steaten, yn gearkomste byien op 23 juny 2021 heard hawwende de rieplaching;</p> <p>konstatearjende dat:</p> <ul style="list-style-type: none"><li>- Troch Koroana de reizgersoantallen drastysk fermindere binne;</li><li>- Yn de kommende perioade it reizgersgedrach monitoare wurde sil;</li><li>- Dêrnjonken der ek in oanfoljend ûndersyk komme sil wêrmei dúdlik makke wurd wat de drompels binne om mei it iepenbier ferfier te reizgjen en wat it ferlet is;</li></ul> <p>oerwaagjend dat:</p> <ul style="list-style-type: none"><li>- Troch Koroana de tsjinstregelingsoeren en de reizgersoantallen sear ûnwis binne;</li><li>- Dizze ûnwissichheid der mooglik foar soarget dat der linen fersalle as ôfskaald wurde;</li><li>- In goede struktuer fan iepenbier ferfier fan grut belang is foar de berikberheid fan stêd en plattelân;</li><li>- Der ôfrûne tiid al linen strekt binne;</li><li>- It transysjeplan foarsjocht yn mooglike fierdere ôfskaling fan it iepenbier ferfier</li><li>- Webside OVNL en reizgersferieniging Rover ek tinke dat it fluch de goede kant útgean kin mei de reizgersoantallen;</li><li>- Yn risseltaat 42 fan it bestjoersakkoard "Lok op Ien" stiet: 'it iepenbier ferfier op it Fryske plattelân is yn de nije konsesje op syn minst lykwaardich oan de hjoeddeistige';</li><li>- De leefberens fan it Fryske plattelân belang hat by in goed oanbod fan busferfier;</li><li>- Wannear der in better byld is by boppesteande saken, Deputearre Steaten mear en better stjoere kin op it iepenbier ferfier;</li></ul>	

## MOASJE

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- Mei yngong fan ôf hjoed de reizgersoantallen en de tsjinstregelingsoeren (DRU) busferfier te monitoaren en PS hjiroer elts heal jier te ynformearren, te begjinnen per 1 septimber 2021.

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)

ChristenUnie, Matthijs de Vries  
CDA, Anton Meijerman  
GrienLinks, Elsa van der Hoek  
D66, Bea Bijlsma  
FNP, Rein van der Wal  
50PLUS, Theun Wiersma